

Wie it mar altyd Peaske

Aggie van der Meer – De sneinen
Elikser / Frysk en Frij, Ljouwert; 132 s.,
€17

It stiet hast lakonyk op 'e achterflap fan har nijste bondel: 'gedichten oer de sneinen fan it jier'. Snijde koeke foar wa't grutbrocht is mei de liturgise kalinder fan 'e tsjerke, frjemde kost foar bûtensteanders. Likegoed hat Aggie van der Meer it oandoard om by elke fierings-snein in fers te skriuwen, te begjinnen by de earste snein fan Advint, en einigjend mei de 23e snein nei Pinkster. In moedich en eigensinnich projekt, dat lêzende-wei bewûndering ôftwingt, mar spitigernôch net oeral oansprekt. De bondel begjint mei it titelgedicht, as in opmaat nei de be- neamde sneinen dy't folgje. It is in oprop oan de lêzer om de dei oan te gean, en fuort yn 'e earste strofe jout Van der Meer har dichterlik kinnen priis: 'Begroet- sje it ûnthjitten fan it daagjen / de swarte hynders / befangen yn it sêfte bidden / fan 'e linebeam- men / it rôze dauwiet / aan fan nacht / noch yn 'e lea'. In ûvertuere as in skilderij, mar dêrnei hat it fers te lijen ûnder tefolle oarsoartige perspektiven en bylden. It is dochs al drok yn dizze bondel, mei syn mannichte oan personaazjes, dy't geregeld weromkomme: it bern, de heit, de mem, de koster, de pastoar, de fisker en de tûnker. Nim dêrby de bibelfigueren, de ingels, de hilli-



Aggie van der Meer FOTO LC/SIEP VAN LINGEN

gen en nammen út 'e tiid fan hjoed, en it palet is noch net iens kompleet. Soms wurde nijsgjirrige ferbin- ningen lein, en ek no is it net dreech om prachtige rigels te finen, lykas yn 'Pinkster', it feest fan 'e talen: 'Litte se (...) / stammerje leo liuw leave / tsjitterje fan 'e hege toer / ho hoe oote oote boe / in ferhear- de frou út Frygië / it Rifgeberchte of Srebrenica / de rop fan 'e tea- pert / it bern dat yn 'e skelp / it riedselpraten heart / fan 'e see mei de wyn'. Wat is it dan dat soarget dat de bondel as gehiel net oertsjûget? Dichters moatte it dochs ha fan assjosaasjes, sydpaden en dwers-

ferbannen? Mar net fan wyl- groei fan dy trije. Aggie van der Meer ferlokket de lêzer mei wûn- dermoaie passaazjes, mar se lûkt him net yn it ferhaal fan de bon- del, faak net iens yn 'e wrâld fan it gedicht. Se nimt mei de iene hân wat se mei de oare jûn hat. De minne rige by de sneinen fan de fêsteltiid én de treflike searje om Peaske hinne foarmje beide in útsûndering. Yn it earste gefal jout de dichter ús neat, yn it twadde gefal alles: 'de stilte de dreamen hoasfuotlings giet de nacht / wiet reint it lân / it sie / it langstme / it wachtet'. Wie it mar altyd Peaske.
EPIE DAM